

IK WURD LETTER Sinteklaas,
MAR MEM SEIT DAT DAT NET KIN,
OM'T Sinteklaas AL BESTIET
EN IK DER **te jong** FOAR BIN.
MAR ÚS HEIT SEIT DAT IK ALLES
WURDE KIN WAT IK MAR WOL.
DAT IK WURD LETTER Sinteklaas,
**de miter** HA IK AL.

EN AS IK Sinteklaas BIN
DIEL IK NOCH MEAR ÚT.
FOAR ELK WOL **tûzen pakjes**
EN IN GOUDEN PIPERNÚT.
AS IK Sinteklaas BIN
KRIJ IK IN HIEL LANG BURD.
DAT **burd** DAT LIT IK NO AL STEAN
AL GROEIT IT NOCH NET SA HURD.

RIDE OP IN **hynder,**
PITEN BY DE ROES,
FARRE OP IN **stoomboat**
EN WENJE YN IN SINTEKLAZEHÛS.
ÚS HEIT SEIT DAT IK ALLES
WURDE KIN WAT IK MAR WOL.
DAT IK WURD LETTER Sinteklaas,
**de miter** HA IK AL.

DIEUWKE VAN DER MEER